

-
- Ûnderwerp** : Útwurking (beslút) farwegefyzje foar beropsfeart en berikberens binnenhavens
- Beliedsprogramma** : Ynfrastruktuer & Mobiliteit
- Registraasjenûmer** : 01701158
- Portefûljehâlder** : Avine Fokkens
- Behanneljend** : S. Busch, (058) 292 59 25, Ynfrastruktuer en Mobiliteit
- Oanlieding** : Op 20 juny 2018 hawwe wy oan jimme it beslút 'Brede analyse farwegen, berikberens fan binnenhavens' foarlein. Jimme hawwe de Langetermynfyzje op de farwegen en de berikberens fan Fryske binnenhavens (hjinnei: 'Farwegefyzje') fêststeld, en om in tal útwurkings frege.
Op 12 juny 2019 hawwe jimme yn in byldfoarmjende kommissjegearkomste suggestjes dien foar wizigings en oanfolgings op de útstelde oanpak.

De útwurkings lizze wy no yntegraal oan jimme foar.
- Europeeske kontekst** : Troch buro Hezelburcht binne de mooglikheden foar Europeeske subsydzjes yn byld brocht. Foar de binnenfeart is in Ten-t (útfierings)subsydzje beskikber. Op it stuit wurdt dat subsydzje net kânsryk achte. Wol docht bliken dat der hieltyd wer nije 'calls' komme, wêrtroch't it net útsletten is dat der yn de takomst wol kâns op subsydzje is. Om dêr op ynspylje te kinnen is in aktive lobby rjochting Europa nedich.

Foar de gebietsûntwikkeling Hegewarren binne ferskate Europeeske subsydzjes beskikber lykas POP3 en Live+.

De gebietsûntwikkeling biedt kânsen om by te dragen oan opjeften út it nasjonaal Klimaataakkoart, in wichtich part fan de Nederlânske ynfolling fan it Klimaatferdrach fan Parijs.

**Koarte
gearfetting**

: Yn it foarste plak leit it beslút foar om mei de ôfslutende ûndersyks-faze (ferkenning) fan de gebietsûntwikkeling Hegewarren útein te setten. De problematyk yn dat gebiet, de mooglikheden om dy fia in yntegrale gebietsoanpak op te lossen én de urginsje om dúdlikens te jaan oan de boeren yn it gebiet, freegje om in ferfolch. De oanlieding foar dit beslút stiet los fan de kânsen foar in mooglik alternatyf trasee foar de farwei Drachten.

Fierders lizze wy yn dit stik oerwagings en beslissings oer de neikommende ûnderdielen foar: feilichheid op it wetter, de útkomsten fan it ûndersyk nei de alternativen foar it opwurdearjen fan de farwegen Drachten en it Hearrenfean nei Klasse Va (oanlis Fly-by terminal, ferpleatsen fan be- driuwen en alternativen foar bulktransport) en hoe't dy alternativen harren ferhâlde ta it opwurdearjen fan de farwegen nei it Hearrenfean en Drachten fia alternative trasees. Wy freegje jimme om mei it útfieringsprogramma foar it fierder geskikt meitsjen fan it Van Harinxmakanaal foar grutter skippen yn te stimmen. As lêste ynformearje wy jimme oer de stân fan saken oer de lobby foar de ferfanging fan de HRMK-spoarbrêge troch in akwadukt en it by Rykswettersteat oan 'e oarder stellen fan de feiligens op it PM-kanaal.

- Beslút-punten** : 1. Oer de Hegewarren:
- a. fêst te stellen dat de foarferkenning útwiist dat in yntegrale gebietsûntwikkeling foar de polder de Hegewarren kânsryk liket;
 - b. yn te stimmen mei de startnotysje Hegewarren as rjochtingjaand ramt foar de útfiering fan in ôfslutend ûndersyk;
 - c. dêr in provinsjale bydrage fan € 150.000 foar beskikber te stellen, as provinsjale bydrage oan dy ôfslutende ûndersyksfaze.

en Deputearre Steaten te freegjen:

- a. in ôfslutend ûndersyk (ferkenning) te starten nei de helberens fan in gebietsûntwikkeling Hegewarren;
 - i. dêrfoar yn oparbeidzjen mei op syn minst it Wetterskip, de gemeente Smellingerlân en LTO Noard in mienskiplike projektorganisaasje yn te rjochtsjen;
 - ii. dat ôfslutende ûndersyk yn nauwe gearwurking mei de bewenners en ûndernimmers yn de Hegewarren en omkriten út te fieren;
 - iii. de útkomsten oer likernôch in jier foar beslútfoarming foar te lizzen oan Provinsjale Steaten yn de foarm fan in romtlik plan en in gearwurkingsoerienkomst dêr't de scope fan in ferfolch en ûnderlinge ôfspraken tusken partijen (dit binne yn alle gefallen Wetterskip Fryslân, de gemeente Smellingerlân en LTO Noard) oer de finansiering en risiko's yn fêstlein wurde;
2. Yn te stimmen mei it neier útwurkjen fan in program fan maatregels foar ferbettering fan de feiligens op de hjoeddeistige farwegen nei It Hearrenfean en Drachten, yn oerlis mei de brûkers (beropsfeart en rekreaasje) en de omkriten;
3. Fêst te stellen dat de ûndersochte alternativen Fly-by terminal, alternativen foar bulktransport en bedriuwserpleatsing gjin reële alternativen binne foar it opwurdearjen fan de farwegen foar beropsfeart fan en nei It Hearrenfean en Drachten;
4. De farwei Drachten mei te nimmen yn de scope fan de ferkenningfaze fan de gebietsûntwikkeling Hegewarren.
5. Op syn lêst 1 july 2021 wurdt op de farwei It Hearrenfean gjin ûntheffing mear ferliend oan skippen langer as 86m en breder as 10,5m;
6. Yn te stimmen mei it útfieringsprogramma Van Harinxmakanaal (VHK)

- Taheakke** :
1. Startnotitie Gebiedsontwikkeling Hegewarren, opgesteld door de provincie, in nauwe samenwerking met het Wetterskip, de gemeente Smallingerland en LTO-Noord (afd. Smallingerland), tevens woordvoerder van de veehouders in de Hegewarren;
 2. Voorverkenning kansrijkheid gebiedsontwikkeling Hegewarren, opgesteld door de provincie, in nauwe samenwerking met het Wetterskip, de gemeente Smallingerland en LTO-Noord (afd. Smallingerland), tevens woordvoerder van de veehouders in de Hegewarren;
 3. Uitvoeringsprogramma Van Harinxmakanaal, opgesteld door de provincie;
 4. Onderzoeksrapport veiligheid op de vaarwegen Drachten en Heerenveen, opgesteld door de Rijksuniversiteit Groningen (RUG) in samenwerking met de provincie;
 5. Memo mogelijke maatregelen veiligheid, opgesteld door de provincie;
 6. Memo alternatieve mogelijkheden vaarwegen Drachten en Heerenveen (Fly-by terminal, alternatieven voor bulktransport en bedrijfsverplaatsing), opgesteld door de provincie;
 7. Memo kosten bedrijfsverplaatsing havengebonden bedrijven Drachten, opgesteld door bureau Rekenruimte;
 8. Quick scan naar de trends voor klasse IV schepen in Fryslân, Het toekomstperspectief van de kleinere schepen, opgesteld door AA-Planadvies;
 9. Startnotitie Vaarweg Heerenveen, opgesteld door Procap, in opdracht van de gemeenten Heerenveen en De Fryske Marren;
 10. Memo afwegingen vaarweg Heerenveen, opgesteld door de provincie;
 11. Memo afwegingen Vaarweg Drachten, opgesteld door de provincie;
 12. Fotoverslag informatiebijeenkomst *mienskip* op 26 september over Hegevarren en vaarweg Drachten, opgesteld door de provincie
 13. Hydrologische analyse peilopzet Hegewarren (grondwatermodelberekeningen), Royal Haskoning-DHV
 14. Subsidiescan, bureau Hezelburcht
 15. Advies PCLG
 16. Brief van gemeente Heerenveen
 17. Brief van gemeente De Fryske Marren

Taljochting :

Kontekst :

Bestjoersakkoart 'Lok op 1'

- “De farwei Drachten makket ûnderdiel út fan it gebietsproses Hegewarren. In ferbettering fan dy farwei kin earst oan de oarder komme wannear’t der yn dat gebietsproses dúdlike synergy mei oare kânsen blykt te wêzen.”
- De kânsen om opjeften yn te foljen en de wurkwize fan in yntegrale gebietsûntwikkeling Hegewarren slute frijwol perfekt op it bestjoersakkoart oan (sjoch H.3 Startnotysje).
- “Ferbettering fan de farwei nei It Hearrenfean besjogge wy wannear’t de gemeente dêr in goed útstel foar docht.”
- De ambysje is útsprutsen om it Van Harinxmakanaal oan te passen, dat klasse Va-skippen fan dy farwei gebrûk meitsje kinne, sûnder it hiele kanaal nei klasse Va te bringen.
- resultaat 44: “der binne ôfspraken mei it Ryk oer de ferfanging fan de spoarbrêge troch in akwadukt yn it Van Harinxmakanaal.”

Feangreidefyzje

De Hegewarren is in saneamd ‘kânsryk gebiet’ yn de Feangreidefyzje (*net trochinoar te heljen mei de fraach dy’t foar leit, oft in gebietsûntwikkeling ‘kânsryk’ is*). Foar alle kânsrike gebieten is of wurdt in gebietsproses op gong brocht. In primêre opjefte fan de yntegrale gebietsûntwikkeling is dan ek it oplossen fan it sakjen fan de grûn en CO2 emisje troch fean-oksidaasje.

Ûntwerp Omjouwingsfyzje

De problematyk en kânsen dy’t yn in gebietsûntwikkeling Hegewarren tagelyk meinommen wurde kinne, slute goed oan by de ynhâldlike agindearring fan de Omjouwingsfyzje en biede de mooglikheid om by te dragen oan driuwende yntegrale opjeften lykas feangreide, CO2, klimaatadaptaasje, enerzjytransysje en bioferskaat. Op grûn fan de Omjouwingsfyzje wolle wy mei 9 prinsipen wurkje. Yn de Hegewarren lizze perfoarst kânsen foar it tapassen fan dy prinsipen:

- Gearwurkingsprinsipen foar de provinsje mei oare partijen, lykas: desintraal wat kin, oanslute by wat der al bart, rolbewust, stjoere op it proses en in ferskowing fan ‘nee, of it moat wêze dat’ nei ‘ja, mitsdat’. It lêste prinsipe hâldt yn dat wy as provinsje minder regels stelle wolle, mar krekt beneame wolle wat der mooglik is en fleksibel oer oplossings meitinke wolle.

- Dêrneist binne ynhâldlike prinsipen neamd. Dêrby leit de útdaging yn: sunich en mearfâldich romtegebrûk, opjeften oan inoar keppelje, it brûken fan omjouwingskwaliteiten as ûntwerpbasis, en omtinken foar sûnens en feilichheid.

By it meinimmen fan alle opjeften en kânsen kin bliken dwaan dat dat op ûnderdielen (noch) net yn it besteande belied past. Krekt op grûn fan it prinsipe 'ja, mitsdat' (meitinke oer oplossings en in fleksibele opstelling), soe romte fûn wurde kinne om oplossings fierder te ûndersykjen.

Projekt Aldegea oan it Wetter

Mei de útfiering fan it projekt wurdt in part fan it útinoar heljen fan rekreaasje- en beropsfeart op it trajekt De Feanhoop-Drachten realisearre.

Probleemstelling

:

Hegewarren

Jimme hawwe ús frege om te ûndersykjen oft in yntegrale gebietsûntwikkeling Hegewarren kânsryk is, mei it each op de maatskiplike opjeften dy't der yn dat gebied spylje (ûnder oare de Feangreideproblematyk en de rekreative druk op nasjonaal park De Alde Feanen). De fraach oft it kânsryk is keppelje jimme mei oan de fraach oft partijen harren (finansjeel) oan in gebietsûntwikkeling ferbine wolle.

Oft in alternatyf trasee foar de Farwei Drachten ûnderdiel fan it gebietsproses Hegewarren útmakket is in ferfolchfraach. Dy fraach wurdt beäntwurde binnen de kontekst fan de farwegefyzje, wêrby't net allinne nei mooglike synergy mei de gebietsûntwikkeling Hegewarren sjoen is, mar ek nei nut en needsaak en mooglike alternativen.

Farwegen

Binnen de kontekst fan de Farwegefyzje hawwe jimme frege hokker maatregels nommen wurde kinne om de feiligens op it wetter yn de hjoeddeistige situaasje te ferbetterjen.

Jimme hawwe frege om alternativen te ûndersykjen foar it opwurdearjen fan de farwegen Drachten en it Hearrenfean nei Klasse Va. Dan giet it om de mooglikheden fan in Fly-by terminal yn Fryslân, bedriuwserpleatsing nei it Prinses Margrietkanaal en alternativen foar bulktransport. Fierders wolle jimme witte hoe't dy alternativen har ferhâlde ta it opwurdearjen fan de farwegen nei it Hearrenfean en Drachten fia alternative tra-sees.

In alternatyf trasee foar de farwei Drachten, dêr't de Alde Feanen by mijd wurdt, is allinne oan 'e oarder as dat yn it gebietsproses Hegewarren meinommen wurde kin. De fraach dy't foar lei, is oft der synergy mei de oare kânsen foar it gebiet is. Dêrneist is frege oft partijen har dêr (finansjeel) oan ferbine wolle.

In alternatyf trasee foar de farwei it Hearrenfean, dêr't Terherne by mijd wurdt, is allinne oan de oarder as de gemeente it Hearrenfean in goed útstel docht om in nij trasee fia it Jinhúster Deel oan te lizzen.

Dêrneist is frege om oan te jaan op hokker wize it Van Harinxmakanaal fierder geskikt makke wurde kin foar klasse Va skippen.

Ek is frege om mei de lobby útein te setten foar de ferfanging fan de HRMK-spoarbrêge troch in akwadukt en it ferbetterjen fan de feiligens op it PM-kanaal by Rykswekkersteat op it aljemint te bringen.

Probleemanalyze

:

Hegewarren

It is kânsryk dat de problemen yn en om de Hege-warren oplost wurde troch in oare ynrjochting fan it gebiet, mei hegere wetterpeilen. Tagelyk biedt sa'n ynrjochting de mooglikheid om opjeften út de omkriten mei te nimmen, lykas it kreëarjen fan wetterberging en it ferminderjen fan de rekreative druk op Nacionaal park De Alde Feanen.

It blykt dreech te wêzen om de problematyk yn de Hegewarren op te lossen en de polder geskikt te hâlden foar de boeren: foar harren is it net yn alle opsjes mooglik om harren bedriuw fuort te setten.

Oft partijen harren finansjeel oan in gebietsûntwik-keeling ferbine wolle, hinget (mei) fan de erkenning fan de eigen opjeften ôf. De partijen dy't yn 'e mande mei de provinsje ûndersocht hawwe hoe kânsryk in gebietsûntwikkeling is en de grutste op-jeften yn it gebiet hawwe (LTO-Noord, Wetterskip Fryslân en de gemeente Smellingerlân) binne dêr dúdlik oer. Sy erkenne de problematyk en harren ferantwurdlikheid dêryn, en binne ree (finansjeel) by te dragen oan in ferfolchstep fan in gebietsûnt-wikkeling.

De oanbelangjende partijen hawwe útsprutsen dat se takom jier serieus ûndersykje sille hokker by- drage sy foar de eventuele realisasje leverje wolle en kinne.

Farwegen

It feilichheidsûndersyk hat de nedige ynformaasje oplevere oer de feilichheidssituaasje op de farwegen nei Drachten en it Hearrenfean. Út foarriedige resultaten docht ûnder oare bliken dat op de drokste krúspunten fan de beide farwegen fan't simmer (hast) gjin ûngelokken west hawwe. It ûndersyk hat befêstige dat der in gefoel fan ûnfeilichheid is. Dêrom kin net samar de konklúzje lutsen wurde dat de farwegen nei Drachten en it Hearrenfean feilich binne. Om de feilichheid yn de takomst te ferbetterjen wurdt útsteld om in maatregelpakket út te wurkjen.

De ûndersochte alternativen foar it opwurdearjen fan de farwegen (Fly-by terminal, alternativen foar bulkferfier en bedriuwserpleatsing) blike net realistysk te wêzen. By de beslútfoarming op 20 juny 2018 hawwe jimme fêststeld dat it opwurdearjen fan besteande trasees ek gjin opsje is. Fanwegen it konflikt tusken beropsfrachtferfier oer wetter en rekreaasje en natuer is it nammentlik net winsklik dat skippen fan klasse Va troch Earnewâld en Nacionaal Park De Alde Feanen farre. Dêrom is der foar in opwurdearring nei alternative trasees sjoen, mar dy binne djoer. Op 20 juny 2018 is konkludearre dat de baten, dy't allinne oan it ferfier oer wetter fan in nije klasse Va-farwei relatearre binne, de ynvestearrings net foldwaande legitimearje. Der is (oanfoljend) ûndersocht yn hokker tempo klasse IV skippen ferdwine sille. It ûndersyk konkludearret dat nei alle gedachten om 2050 hinne hast alle klasse IV skippen út 'e feart nommen binne. De fermindering fan it tal klasse IV skippen ferrint mooglik flugger fanwegen de opjefte om it ferfier duorsumer te meitsjen. Dy prognoze hat yn de takomst grutte ympakt op de berikberens fan de havens fan Drachten en it Hearrenfean en de konkurrinsjeposysje fan de oanbelangjende bedriuwen. Der binne op it stuit gjin grutte problemen wat de berikberens oanbelanget. De kâns is lykwols grut dat it meidertiid wol driuwend wurdt. De fraach is yn hoefier't der sprake is fan passende berikberens foar de havens fan it Hearrenfean en Drachten.

De gemeente it Hearrenfean hat (op eigen fersyk) de fraach krigen om in útstel te dwaan dêr't út bliken docht dat in alternatyf trasee foar de farwei it Hearrenfean dochs mooglik is. Foar de farwei Drachten wie de fraach oft der synergy mooglik is mei it gebietsproses Hegewarren. As der synergy te beheljen is, kin de ferhâlding kosten-baten fan it gebietsproses likegoed as de oanlis fan in alternatyf trasee positiver útpakke.

Om it Van Harinxmakanaal fierder geskikt te meitsjen foar grutter skippen binne maatregels nedich, lykas it ferdjipjen fan de farwei yn kombinaasje mei ferfanging fan wâlkonstruksjes en it rommer meitsjen fan bochten.

Yn it BO MIRT fan novimber 2018 is ôfpraat dat der in maatskiplike koste-bate-analyze (MKBA) foar de HRMK-spoarbrêge útfierd wurdt, dêr't ûnder oare de ferfanging fan de brêge troch in spoarakwadukt yn meinommen wurdt.

Doelstelling / beëage effekten: :

Hegewarren

De primêre opjeften yn it gebiet oplosse. De earste opjefte is it sa gau mooglik dúdlikheid oan de boeren yn de Hegewarren jaan. De oare opjeften yn dat gebiet binne it kreëarjen fan in robúst, duorsum en takomstbestindich wettersysteem, bydrage oan de doelen fan it Nacionaal Klimaatakkoord troch it oplossen fan de feangreideproblematyk (sakjen fan de grûn en CO2 emisje) en it tsjingeane fan fierdere ferdrûging fan N2000 gebiet De Alde Feanen.

Farwegen

De berikberens fan de Fryske binnenhavens op in feilige manier op oarder bringe en hâlde, mits dat kin op in manier dy't mei de omkriten yn balâns is en rjocht docht oan de oare ekonomyske belangen dy't op it wetter spylje.

Risiko's :

Hegewarren

Oer likernôch in jier gjin dúdlikens omdat de wjerstân tsjin ûnderdielen fan de scope fan de gebiertsûntwikkeling Hegewarren (konkreet: farwei Drachten en sinnegreiden) it proses kompleks makket.

Farwegen

It weromdraaien fan de ûntheffing om mei klasse Va skippen op de farwei nei it Hearrenfean te farren, freget in oanpassing fan de farweiferoarderding. Dy oanpassing is bleatsteld oan beswier en berop. Risiko is dat de nije feroarderding troch de brânsj (mei posityf resultaat) juridysk oanfochten wurdt en/of de provinsje neidielkompensaasje útbetelje moat. It is oan de brânsj om oan te toanen dat der feitlik sprake is fan neidielkompensaasje, wêrby't meispilet oft de brânsj foldwaande yn de gelegenheid steld is om yn 't foar op it foarnommen beslút yn te spyljen. Nei't de Steaten yn 2018 it beslút nommen hawwe om op 1 july 2021 op te hâlden mei it ferlienen fan de ûntheffing foar klasse Va skippen, is it beslút om mei dy ûntheffing op te hâlden eksplisyt neamd by it jaan fan de ûntheffing.

Probleemoplossing :

Hegewarren

Troch mei de folgjende faze (ôfslutend ûndersyk) fan in gebietsûntwikkeling foar de Hegewarren útein te setten wurdt dúdlik hoe't de ûnderskate opjeften, lykas in robúst, duorsum en takomstbestindich wettersysteem en it oplossen fan de feangreideproblematyk (romtlik) ynfolle wurde kinne. By de útwurking wurdt yn byld brocht wat de finansjele, technyske en juridyske helberheid fan in oare ynrjochting fan it gebiet is (ynklusyf de mooglikheden foar it realisearjen fan meikeppelkânsen). Oanbelangjende partijen meitsje yn de kommende ûndersyksfaze dúdlik hokker bydrage sy reëel achtsje foar de útfiering. Wichtich ûnderdiel fan it ûndersyk is it konkretisearjen fan de mooglike kostebesparings yn de takomst, en de mooglikheid om dat as ynvestearings yn it gebiet yn te setten. Op basis fan it ûndersyk moat dúdlik wurde of it echt te dwaan is om de Hegewarren oars yn te rjochtsjen, en oft de boeren harren bedriuw dêr noch fuortsette kinne of net. Ek kin yn de kommende faze yn byld brocht wurde oft in alternatyf trasee foar de farwei Drachten mooglik is.

Farwegen

Om de feiligens op it wetter oanhâldend te garandearjen wurdt útsteld om it taheakke ûntwerpmaatregelprogramma foar feiligens fierder út te wurkjen yn oerlis mei de brûkers en de omkriten.

Troch de feiligens op it wetter hieltyd te folgjen kin yn 'e gaten hâlden wurde hoe't de situaasje him ûntwikkelet, en oft der needsaak is foar oanpassings fan it (ûntwerp)maatregelprogramma.

Jimme hawwe op 20 juny 2018 fêststeld dat, sûnder te sjen nei oare belangen troch de wei fan in gebietsûntwikkeling (Hegewarren) in ynvestearring yn in nij trasee net oan de oarder is. Dat is yn it bestjoersakkoart Lok op 1 befêstige, troch te stellen dat in ferbettering fan de farwei Drachten earst oan de oarder komme kin, wannear't yn it gebietsproses Hegewarren dúdlike synergy mei oare kânsen foar it gebiet bliken docht. Omdat der gjin realistyske alternativen foar de farwei Drachten fûn binne, is in alternatyf trasee troch de Hegewarren de iennige kâns foar it eventueel opwurdearjen fan de farwei. Dêrom is it útstel om de farwei Drachten yntegraal yn de scope fan it gebietsproses Hegewarren mei te nimmen. Dan kin yn de praktyk sjoen wurde (rekkene en tekene) oft in alternatyf trasee op sa'n wize ûntwurpen wurde kin dat de balâns tusken de kosten en de baten positiver útpakt.

Ek wurdt ûndersocht oft de beswieren út de *mienskip* wei (foar in part) weinommen wurde kinne.

De gemeente it Hearrenfean hat yn gearwurking mei de gemeente De Fryske Marren in startnotysje opsteld om te ûndersykjen oft der mooglikheden binne om de farwei it Hearrenfean op te wurdearjen en hokker (finansjele) bydrage sy leverje wolle. It ûndersyk hat net laat ta in útstel fan de kant fan de gemeenten: beide gemeenten hawwe oanjûn dat sy dy bydrage net leverje wolle. It ûntheffingsbelied wurdt oanpast, wêr-troch't de grutste skippen op de farwei net mear tastien wurde. Yn de kommende jierren sil bliken dwaan oft de hjoeddeistige situaasje, mei it each op de ûntwikkelings yn de skipfeartsektor en it wiete bedriuweterrein 'passend' bliuwt.

Foar it Van Harinxmakanaal is in útfieringsprogramma opsteld. Yn it bestjoersakkoart binne de maatregels beneamd en binne de middels reserwearre. Dy binne yn it foarlizzende útfieringsprogramma opnommen.

Foar de ferfanging fan de HRMK-spoarbrêge troch in spoarakwadukt wurdt in MKBA opsteld. Dy is ynbring foar it oerlis mei it Ryk dêroer yn it MIRT (Meerjarenprogramma Infrastruktuer, Ruimte en Transport).

It ferbetterjen fan de feiligens op it PM-kanaal is yn it reguliere oerlis mei Rykswettersteat op it aljemint brocht.

Foarkaroplossing/ Yntegrale ôfwaging :	<i>Ûnder 'oare punten' ljochtsje wy foar alle ûnderdiel ta wêrom't foar de útstelde oplossing keazen is. Dêr wurdt ek taljochte wêrom't wy net foar de alternativen kieze.</i>
---	--

Útfiering :

Hegewarren
Yn 'e mande mei it Wetterskip, de gemeenten Smellingerlân, Tytsjerksteradiel en LTO-Noord wurdt mei it ôfslutend ûndersyk nei de gebietsûntwikkeling Hegewarren úteinset. Yn it foartrajekt is de omkriten benammen ynfor-mearre en foar in part konsultearre. Yn it ûndersyk wurdt nau gearwurke mei dejingen dy't der direkt by behelle binne en mei de minsken út de omkriten, wêrby't de dielnimmers oan it proses ynfloed hawwe op it resultaat fan it proses. De ramten fan de gebietsûntwikkeling steane yn de startnotysje dy't foar fêststellen foarleit.

Farwegen

It ûntwerp-programma mei maatregels foar de feilichheid wurdt mei de omkriten en brûkers bepraat. As dat nedich is wurdt meidertiid in útstel foar finansiering oan jimme foarlein.

Foar de farwei it Hearrenfean sil, neist de maatregels foar it ferbetterjen fan de feilichheid, de farwegeferoarding oanpast wurde moatte. De ferroarding sil oanpast wurde om mei yngong fan 1 july 2021 op te hâlden mei it jaan fan de ûntheffing foar klasse Va skippen op strukturele basis, en sa jimme beslút fan 20 juny 2018 te effektuearjen. Dat beslút wurdt wat rommer ynterpretearre: skippen oant in breedte fan 10,5m wurde tastien.

It útfieringsprogramma Van Harinxmakanaal wurdt yn it Útfieringsprogramma Ferkear & Ferfier 2020-2030 opnommen.

Hoe't de lobby foar de ferfangning fan de HRMK-spoarbrêge troch in spoarakwadukt fierder ferrint, hinget ôf fan de petearen dêroer mei it Ryk, begjinnend yn it MIRT fan 20 novimber. Sa't dat wenst is wurde de Steaten fia in SNN-brief ynformearre oer de útkomsten fan it BO MIRT.

Monitoaring/evaluaasje :

Farwegen
Om te beoardieljen oft der ek yn de takomst noch sprake is fan in passende (en feilige) berikberens fan de binnenhavens, monitoarje wy de feilichheid, de ekonomyske ûntwikkeling fan de wiete bedriuwaterreinen en de ûntwikkelingen yn de ôfmjittings fan de skippen yn de beropsfeart.

Dat kin oanlieding wêze om it beslút foar de farwei it Hearrenfean yn de takomst op 'en nij te besjen en kin fan ynfloed wêze op it byld fan nut en needsaak foar de farwei Drachten.

Stjoering

:

Hegewarren

De útfiering fan it gebietsproses Hegewarren falt ûnder de yntegrale oanpak fan de Feangreidefyzje. It projekt wurdt yn 'e mande mei de oanbelangjende gemeenten, it Wetterskip en de LTO en yn nau oerlis mei de omkriten oanpakt. Takom jier wurde de resultaten fan it ûndersyk oan jimme Steaten foarlein.

Ferfolchproseduere

:

Hegewarren

De resultaten fan it ôfslutend ûndersyk Hegewarren (de technyske, juridyske en finansjele helberens) wurde oan PS foarlein yn de foarm fan in romtlik plan en in gearwurkingsoerienkomst mei op syn minst it Wetterskip Fryslân, de gemeente Smellingerlân en LTO-Noord, dêr't de scope fan in ferfolch en ûnderlinge ôfspraken tusken partijen oer de finansiering en risiko's yn fêstlein binne.

Farwegen

It beslút oft in nij trasee foar de farwei Drachten ûnderdiel fan de planfaze wurdt of net, leit op dat stuit ek foar. As dat sa is, dan is dat it begjin fan in formele Traseestúdzje (ynklusyf miljeueffektrapportaaasje). Dy stúdzje sil dêrnei útwize oft in nij trasee echt mooglik is.

Oare punten

:

Lêswizer

Ien foar ien wurde de neikommende ûnderdielen behannele:

- Hegewarren
- Feilichheid
- Alternativen foar it opwurdearjen fan farwegen
- Farwei Drachten
- Farwei it Hearrenfean
- Van Harinxmakanaal
- Feilichheid op it PM-kanaal

By alle ûnderdielen is opnommen hokker oerwagings en beslispunten jimme op 20 juny 2018 meijûn hawwe. Dêrnei is oanjûn op hokker wize dy útwurke binne en hoe't *de mienskip* dêr by behelle is. Yn de byldfoarmjende kommisje fan 12 juny 2019 is de oanpak mei jimme bepraat en binne oanfoljende punten meijûn. Ek dy binne opnommen. Fierder is der foar alle ûnderdielen oanjûn hokker oerwagings in rol spile hawwe yn it foarlizzende beslút.

Hegewarren

Foarôf

De takomst fan de polder de Hegewarren is yn de kontekst fan de Farwegefisy foar beropsfeart in wat frjemde ein yn 't bit. It gebiet is yn byld foar in alternatyf trasee foar de farwei Drachten, mar wichtiger is dat de polder syn eigen problematyk hat, dy't yntegraler en breder is as de ôfwagings oer de farwei Drachten. It draait dêrby net yn it lêste plak om it jaan fan dúdlikens oan de seis oanbelangjende boeren yn dy polder.

Oerwagings en beslispunten PS 20 juny 2018

Oerwagende dat

- it net winsklik is dat skippen fan klasse Va troch Earnewâld en Nacionaal Park De Alde Feanen farre, fanwegen it konflikt tusken beropsfrachtferfier oer wetter en rekreaasje en natuer;
- in alternative farrûte foar it frachtferfier in grutte ynvestearring freget;
- de oan it frachtferfier oer wetter relatearre baten fan in nije klasse Va farwei sa'n ynvestearring ûnfoldwaande legitimearje;
- de belangen foar in farwei op himsels dêrmei te licht binne foar in ynvestearring fan dy omfang;
- dêrmei ynfolling jûn is oan it foarnimmen fan Deputearre Steaten om yn dizze koälysjeperiode in MKBA foar de farwei nei Drachten te dwaan;
- it ûndersochte trasee fia de polder Hegewarren rint;
- der yn de polder Hegewarren ek oare maatskiplike kwestjes spylje, lykas hege kosten foar behear en it yn stân hâlden, feangreideproblematyk, de mooglikheid om ekstra boezemwetter te kreëarjen en de rekreative druk op it oanlizzende Nacionaal Park De Alde Feanen te ferleegjen;
- de baten fan dy maatskiplike kwestjes elk apart ûnfoldwaande legitimaasje foarmje foar in grutte yngreep yn it gebiet, mar de optelsom fan farwei en neamde kwestjes gâns heger útkomt;
- dat makket dat op it stuit in finaal beslút oer de oanlis fan in farwei nei Drachten net oan de oarder wêze kin, mar dat in ûndersyk nei de mooglikheden foar gebietsûntwikkeling in passende neikommende stap is;
- de gemeente Smellingerlân him al posityf útsprutsen hat oer it idee fan in gebietsûntwikkelingsproses mei de provinsje en Wetterskip Fryslân as partners;
- sa'n gebietsûntwikkeling net automatysk ek ynhâldt dat der in nij trasee foar in klasse Va-farwei nei Drachten oanlein wurdt.
- it konsept 'gebietsûntwikkeling' yn Fryslân bewiisd hat in effektyf ynstrumint te wêzen om grutskalige, komplekse opjeften op te lossen mei each foar de hjoeddeistige brûkers en wearden fan it gebiet;

Hawwe de Steaten juny 2018 besletten:

- a. fêst te stellen dat in nij trasee fia de Hegewarren in ynvestearring ferget dy't, yn ferliking mei de te ferwachtsjen baten dêrfan, te heech is;
- b. fêst te stellen dat, sûnder it sjen nei oare belangen troch de wei fan de gebietsûntwikkeling, dêrmei in ynvestearring yn in nij trasee net oan de oarder is;

en fersykje Deputearre Steaten:

- c. yn te setten op in yntegrale gebietsûntwikkeling Drachten – polder Hegewarren – Prinses Margrietkanaal en dêrta trochtocht mei De Burd om te gean, sadat dy safolle mooglik sparre wurdt, en dêrnjonken oan te jaan op hokker wize de feiligens op de krusing mei de Greft en op it trajekt De Feanhoop – Drachten garandearre wurdt;
- d. dat yn alle gefallen mei de partijen Wetterskip Fryslân en de gemeenten Smellingerlân en Ljouwert op te pakken;
- e. in startnotysje foar it gebietsûntwikkelingsproses op te stellen en dêryn fêst te lizzen hokker belangen alle partijen hawwe en wat de rol en ferantwurdlikheden yn it proses binne, mei as doel dat de úteinlike kofinansiering yn ferhâlding is mei it belang de alle partijen hawwe en wêrby't finansjele ôfspraken mei partners as resultaatferplichtings fêstlein wurde.

Moasje

De ûntsluting fan Drachten: as it útstel fan it kolleezje folge wurdt yn beslútfoarmjende sin, of amendearre wurdt in dy sin, dat er wol in startnotysje komt, dan wurdt it ferpleatsen fan bedriuwen dêryn meinommen;

“In de startnotitie op te nemen hoe men de mensen uit de omgeving, recreatiebedrijven uit de buurt en andere betrokkenen zoals natuurorganisaties, boeren, landschapsbeheerders, watersportbedrijven en andere bedrijven, betrokken zullen worden bij het proces en wat voor zeggenschap zij hebben tijdens de planontwikkeling en besluitvorming”

Oanfoljende fragen Byldfoarmjende Kommisje 12 juny 2019

By de behanneling fan de diskusjenotysje yn de byldfoarmjende kommisje op 12 juny 2019 hawwe de Steaten frege om ek de neikommende aspekten yn de foarferkenning mei te nimmen:

- Leefberens wurdt in eksplisite parameter yn de ôfwagings, en dus net allinne ekonomyske aspekten;
- Der is omtinken foar de kwaliteiten fan de besteande situaasje, en wat der ferlern giet wannear't de Hegewarren in oare gebietsyntwikking kriget;
- De technyske helberens en mooglike gefolgen fan sinnepanielen yn de Hegewarren wurde as in tinkrjochting meinommen;
- De finansieringsaspekten (wa betellet meidertiid) wurde safolle mooglik meinommen.

Oanpak

De sintrale fraach dy't jimme oer de Hegewarren steld hawwe:

1. Is in yntegrale gebietsyntwikking foar de Hegewarren kânsryk?
2. Oft oare partijen harren dêr (finansjeel) oan ferbine wolle, is in wichtige yndikator dêrfan.
3. Ek hawwe de Steaten frege om mei de *mienskip* yn petear te gean oer hoe't sy tsjin in yntegrale gebietsyntwikking oansjogge.

Om dizze fragen te beäntwurdzjen is yn it ôfrûne jier in foarferkenning foar in startnotysje útfierd. De resultaten binne presintearre yn it dokumint: "Resulten voorverkenning gebiedsproses Hegewarren". Dat stik is troch in projektteam fan de provinsje, Wetterskip Fryslân, gemeente Smellingerlân en de wurdfierder fan LTO-Noord-Smallingerland, út namme fan de boeren yn de Hegewarren, opsteld. It is basearre op kennis yn de oanbelangjende organisaasjes, fjildbesiten en (ekstern) ûndersyk nei de hydro-ekologyske effekten fan it wizigjen fan de oerflaktewetterpeilen en kânsen foar subsidyzjes.

Yn de foarferkenning binne yn it foarste plak de opjeften yn byld brocht:

De polder de Hegewarren is in feangreidegebiet fan 400 bunder, fuort njonken it N2000 gebiet en Nationaal Park De Alde Feanen, mei in grou pak fean fan trochinoar 2 meter. De polder is omsletten troch wetter, natuer- en rekreaasjegebieten. Troch oksidaasje fan it fean, sakket de grûn. Dat hat fiergeande konsekwinsjes foar it wetterbehear fan de polder. De kosten foar it yn stân hâlden fan de polder bedrage sirka € 1000 de bunder/jier, yn in trochsneed feangreidepolder is dat € 50 - € 100 de bunder/jier. It sakjen fan de grûn en it ferleegjen fan de wetterpeilen liedt ta it fierder ferdrûgjen fan omlizzende natuergebieten. Ek komt dêr CO2 by frij. De lizzing fan de polder daliks neist it N2000 gebiet De Alde Feanen betsjut dat der útstjit fan stikstof út de feehâlderij wei op ûnder oare dat stikstofgefoelige gebiet. Oarsom leveret de lizzing beheining foar de boeren op (PAS problematyk).

Fierders binne ûnderskate takomstperspektiven (tinkrjochtings) mei inoar ferlike: de besteande situaasje sa bliuwe litte, ekstinsivearring en ynnovaasje fan de lânbou en in nije funksje fan it gebiet (hieltyd wietere omstannichheden). Dêrby is yn byld brocht hokker opjeften en kânsen – as soks winske wurdt – te ferwêzentlikjen binne, hokker synergy der mei it oplossen fan de problematyk en/of oare kânsen is, en wat se betsjutte foar de finansjele helberens.

By dy foarferkenning is de *mienskip* op ûnderskate mominten hifke:

- Yn april is troch in enkête oan likernôch 30 organisaasjes frege om oan te jaan hokker belang sy by it ûnderwerp hawwe en dat ta te ljochtsjen;
- Ferskate 1 op 1 petearen mei eksterne partijen (lykas de Friese Milieufederatie, It Fryske Gea, Nationaal Park De Alde Feanen, Grou Breed) en wurkgearkomsten;
- Twa iepenbiere ynringearkomsten yn de regio op 23 en 24 maaie, troch likernôch 150 minsken besocht;






- In gearkomste om de resultaten fan de foarferkenning foar te lizzen en te ferifiearjen op 26 septimber, besocht troch likernôch 80 minsken.


Resultaat


Fraach 1: is in gebietsûntwikkeling kânsryk?


Út de foarferkenning docht bliken dat in yntegrale gebietsûntwikkeling de kâns biedt om de problemen yn it gebiet op te lossen. Dat is it gefal mei en sûnder alternatyf trasee foar de farwei Drachten. Tagelyk binne der mooglikheden om opjeften út de omkriten (breder yn Fryslân) mei te nimmen.


Yn de foarferkenning hat de fokus op it ûndersykjen fan de primêre problemen (opjeften) lein, de erkenning dêrfan en de mooglikheden op dy op te lossen. Mooglikheden foar oare projekten dy't dêrby ûntsteane, saneamde 'meekoppelkansen', wêrûnder de farwei Drachten binne as kâns beneamd en beskreaun. Foar útspraken oer de helberens en ynpasberens moat yn de ferfolchfaze fierder nei it gebiet sjoen wurde, en mei de oanbelangjenden 'rekkene en tekene' wurde.


Uitwerking denkrichtingen gebiedsontwikkeling Hegewarren				
	1 Recht zo die gaat Autonome situatie: peil volgt functie	2 Extensivering en innovatie landbouw Peilen omhoog	3a Nieuwe functie van het gebied Boezempel/ Alde Feanen gebied	3b Nieuwe functie van het gebied Retentiegebied
OPGAVEN	Draagvlak bij - en helderheid over toekomst veehouders Hegewarren	Alleen draagvlak indien de huidige peilen en drooglegging 30 jaar gegarandeerd kunnen worden.		
	Creëren van een robuust, duurzaam en toekomstbestendig watersysteem			
	Bijdragen aan doelen Klimaatakkoord/ CO2 reductie dmv oplossen veenweideproblematiek		Vertraagt, maar blijft optreden	
	Invloed op instandhoudingsdoelen N-2000 gebied Alde Feanen		Vertraagt, maar blijft optreden	
EFFECTEN	Bodemdaling en CO2 uitstoot	✗ ✗	✗	✓ ✓
	Verdroging N-2000 gebied Alde Feanen	✗ ✗	✗	✓ ✓
	Uitstoot stikstof op N2000 gebied Alde Feanen (PAS)	✗	✓	✓ ✓
	Behoud van huidige functies en landschap	✓ ✓	✓	✗ ?
KANSEN	Of kansen technisch, maatschappelijk, juridisch en financieel haalbaar zijn, wordt beantwoord in de verkenning.			
			 	 


 Waterberging


 Biodiversiteit/ nieuwe natuur


 Weidevogels

 Nieuwe recreatieve voorzieningen ('slimme groei')

 Kansen voor grootschalige zonnepanelen

 Alternatief tracé vaarweg Drachten

 Kansen voor een nieuw landschap

 Kans op substantiële co-financiering

✗ = negatief, ✗ ✗ = negatief effect t.o.v. ✗ | ✓ = positief effect, ✓ ✓ = positiever effect t.o.v. ✓ | ? = zal moeten bliken uit ontwerp

Fraach 2: Wolle oare partijen harren dêr (finansjeel) oan ferbine?

Oft partijen harren finansjeel oan in gebietsûntwikkeling ferbine wolle, hinget (mei) ôf fan de erkenning fan de eigen opjeften.

De foarferkenning is yn nauwe gearwurking útfierd mei in wurdfierder fan de boeren yn de Hegewarren en LTO-Noord, Wetterskip Fryslân en de gemeente Smellingerlân. Sy erkenne de problematyk en harren ferantwurdlikheid dêryn, sjogge in mienskiplik belang yn de útfiering fan in gebietsûntwikkeling en binne ree (finansjeel) oan in ferfolchstap by te dragen.

It Wetterskip en de gemeente wolle yn it kommende jier serieuus ûndersykje hokker bydrage sy foar de mooglike realisasje leverje wolle en kinne.

As nei ôfrin fan de neikommende faze bliken docht dat in gebietsûntwikkeling mooglik is, kinne ôfspraken makke wurde oer de yndividuele bydragen fan partijen. De gemeente Smellingerlân hat yn 2018 al oanjûn dat sy meidertiid in substansjele bydrage leverje wolle foar de farwei Drachten. De finansjele romte fan de provinsje en it Wetterskip foar finansjele bydragen wurdt meidertiid mei bepaald troch yntegrale ôfwagings yn it Feangreidedossier (yn it ramt fan de MKBA en it UP 2020-2030).

Yn algemiene sin kin steld wurde dat der kânsen binne op substansjele finansjele bydragen foar de realisasjefaze. Der kin bydroegen wurde oan nasjonale en ynternasjonale opjeften, der binne grutte potinsjele besparings mooglik en der binne 'meekoppelkansen' mei opsjes dy't jild opleverje/eksplottaasjemooglikheden. Boppedat is der sprake fan in momentum troch kânsen op finansiering út it nasjonaal Klimaatakkoart wei en spilet ek de problematyk yn it ramt fan de PAS (Programma Aanpak Stikstof) yn de urginsje mei.

Dêrneist past de fierdere stap yn de yntegrale gebietsûntwikkeling by de rol fan de provinsje en slút de oanpak perfekt oan op de prinsipen en resultaten út it bestjoersakkoart 'Lok op 1', en it provinsjaal Feangreidebelied.

Fraach 3: gean mei de mienskip yn petear

- It is breed droegen dat de boeren fluch dúdlikens nedich hawwe.
- Der is erkenning fan de problematyk yn de polder.
- De omkriten steane posityf / net negatyf foaroer in gebietsûntwikkeling Hegewarren. Se beneame benammen kânsen foar rekreaasje.
- Der is regionaal in soad soarch oer it effekt fan de mooglike ferpleatsing fan de farwei út de Alde Feanen nei de Hegewarren. It is net dúdlik hoe't in mooglik trasee rinne sil, omdat wy noch net yn de faze fan ûntwerpen en tûke oplossings binne. Dat jout benammen yn de regio Grou ûnrêst. De Burd is krekt yn'rjochte as ûnderdiel fan it Natuurnetwerk Nederland (NNN) en der binne soargen oft de feiligens op nije krúspunten, dêr't berops- en rekreaasjefeart inoar treffe sille, wol feilich wêze sille.
- In soad minsken en organisaasjes jouwe mei klam oan dat sy by de kommende ûndersyksfaze behelle wurde wolle.

Útstel Hegewarren

Wy stelle út in fierdere faze fan in gebietsûntwikkeling yn te gean: it ôfslutende ûndersyk. Doel is om yn ynteraksje mei de omkriten skerp te krijen wat yn dit gebiet realistysk en winske is, wêrby't der sprake is fan foldwaande maatskiplike akseptaasje en dat de leefberens garandearre is (of ferbetteret). It giet om de technysk ynhâldlike helberens, de finansjele helberens, de juridyske helberens en op hokker wize it (proses) útfierd wurde kin. Nei dy ûndersyksfaze beslute de oanbelangjende oerheden mei hokker oplossings (sketsûntwerpen) sy de planfaze yngean wolle en oft sy budzjet foar de útfiering beskikber stelle wolle.

Wy stelle dêrby fêst dat der mei rjocht en reden soargen en beswieren yn de omkriten libje oer bygelyks in nij trasee foar de farwei Drachten, mar ek oer it mooglik ferlies fan de hjoeddeistige wearden yn it gebiet en it lânskip. Dy soargen binne as fragen of útgongspunten foar it ûntwerp yn de 'Resultaten van de voorverkenning' beneamd en wurde yn it ûndersyk meinommen en wage mei yn de úteinlike kar foar in ferfolch.

Yn de startnotysje is opnommen dat de minsken út de omkriten, rekreaasjebedriuwen út 'e buert en oare oanbelangjenden, lykas natuerorganisaasjes, boeren, lânskipsbehearders, wettersportbedriuwen en oare bedriuwen, nau by it proses behelle wurde sille.

De dekking foar de kosten foar it ôfslutend ûndersyk (likernôch € 450.000) wurde troch de oanbelangjende partijen, Wetterskip Fryslân, gemeente Smellingerlân en provinsje, dield. It provinsjale oandiel yn de kosten (€ 150.000) is by it Bestjoersakkoart beskikber steld.

Alternatyf

Wannear't derfoar keazen wurdt om gjin ferfolchfaze te starten, bliuwt de situaasje foar de oanbelangjende boeren ûnwis, omdat it de fraach is oft de besteande situaasje wol hanthavene wurde kin, fysyk likegoed as beliedsmjittich. Yn dat gefal sil DS yn oerlis mei it Wetterskip besjen hokker takomstperspektyf oan de boeren yn de Hegewarren jûn wurde kin.

Feiligens

Oerwagings en beslispunten PS 20 juny 2018

Oerwagende dat

- in tal lytsere maatregels, lykas it fuortheljen fan drompels en ekstra lisplakken oanlizze, in bydrage leverje kinne oan mear feiligens yn it mienskiplik gebrûk fan de farwegen foar beropsfrachtferfier;
- dat meastentiids yn it reguliere ûnderhâldswurk programmearre wurde kin, wêrtroch't de kosten relatyf beheind bliuwe;

hawwe de Steaten juny 2018 besletten:

in oersjoch te meitsjen fan in tal lytsere maatregels, lykas wachtfoarsjennings en it baggerjen fan drompels en oan te jaan hoe't se yn it programma foar it reguliere ûnderhâldswurk oan de farwegen opnommen wurde kinne om sa wurk-mei-wurk te meitsjen.

Moasjes

Der sil ûndersyk dien wurde nei de mooglikheid om bloktiden yn te fieren op de farwei nei Drachten – bygelyks om it oere foar klasse IV en allinne tusken 20.00 en 08.00 oere foar klasse Va – en dêryn de wachtplakken foar de skippen en de brêge Headammen mei te nimmen.

Dat DS yn oerlis mei grûneigeners maatregels nimt om mear en bettere sichtlinen rûn it Fryske farwetter te realisearjen te begjinnen op it wetter by Earnewâld en Terherne om sa de feiligens fan minsken op en yn it wetter te fergrutsjen.

Oanfoljende fragen Byldfoarmjende Kommisje 12 juny 2019

Jimme hawwe by it besprekken fan de diskusjenotysje oanjûn dat it winsklik is dat der meardere kearen filme wurde soe yn it ramt fan de Fartakenanalyse, op meardere dagen en ûnder ûnderskate omstannichheden.

Oanpak

Yn essinsje hawwe jimme de fraach steld:

- Yn hokker situaasjes en op hokker lokaasjes is sprake fan in (gefoelsmjittige) ûnfeilichheid;
- Jou in oersjoch fan mooglike maatregels om de feilichheid op de farwei Drachten en it Hearreanfean te ferbetterjen.

Yn de ôfrûne simmer is ûndersyk nei de feilichheid op de farwegen nei Drachten en it Hearreanfean útfierd. Dat bestie út de neikommende dielûndersiken:

- Tellings fan it tal skippen (de 'boattichheid': hoe drok is it op it wetter);
- Útfieren fan enkêtes ûnder hierders, wêrby't benammen frege is nei harren (far)ûnderfining en hokker positive en negative ûnderfinings oft sy mei de beropsfeart hawwe;
- It meitsjen fan (permaninte) fideo opnamen yn de simmermoannen fan de twa drokste krúspunten tusken beropsfeart en rekreaasjefeart op de farwei Drachten (krúspunt Earnewâld) en farwei it Hearreanfean (krúspunt Terherne). Dêrnei binne dy bylden analysearre;
- It meitsjen fan fideo opnamen fan twa frachtskippen, wêrby't de aksjes fan de skipper en it sicht rûnom fêstlein en analysearre is ('Fartakenanalyse').

Resultaat

Út dat ûndersyk docht it neikommende bliken:

- De measte hierders (60%) hawwe gjin of mar beheind ûnderfining op it wetter;
- De measte hierders (75%) binne harren derfan bewust dat der op de farwegen Drachten en it Hearreanfean binnenfeartskippen farre en de measten dêrfan (hast 75%) hat in binnenfeartskip moete;

- De analyze fan de fideo-bylden op de twa (drokke) krúspunten lit sjen dat yn de perioade fan it ûndersyk der gjin (omtrint) ûngelokken west hawwe. Yn in tal gefallen nimme rekreatanten (bewust) in risiko, trochdat se yn it beynfloedingsgebiet fan it binnenfeartskip binne.
- De skippers hannelje profesjoneel en en hawwe de kop derby op dy farwegen. Sy binne harren (tigel) bewust fan de risiko's en binne ekstra hoeden;
- Der is gjin normearing beskikber oft it feilich of ûnfeilich op dy beide farwegen is.

It ûndersyk hat de nedige ynformaasje oer de (subjektive) feilichheid op dy twa farwegen op-levere. Op grûn fan dat ûndersyk kin gjin (hurde) konklúzje lutsen wurde oft it wol of net feilich is.

DS sil dat ûndersyk ienris yn 'e twa jier werhelje om te efterheljen of der ek sprake is fan in beskate trend. Dat soarget foar in referinsje, en makket ynsichtlik oft der (wêzentlik) wat yn de feilichheidssituaasje feroaret.

Mooglikheden foar bloktiden

Der is eksplisyt frege om nei de mooglikheid te sjen oft it ynstellen fan bloktiden in opsje is (bygelyks tusken 8:00 en 20:00 oere). De rekreaasjedrokke ferspriedt him oer de hiele dei. Om bloktiden effektyf wêze te litten, sille bloktiden op syn minst tusken 10:00 en 18:00 oere jilde moatte. Skippers dy't op de farwei Drachten en it Hearrenfean farre, meie maksimaal 14 oeren farre tusken 06:00 en 22:00 oere. Dêrtusken jildt in ferplichte rêsttiid fan 8 oeren. It ynfieren fan bloktiden hat, mei it each op de fartiden, gâns ympakt op de binnenfeart. Om't sy dan inkeld en allinne tusken 06:00 – 10:00 en tusken 18:00 – 22:00 farre kinne. Dat makket de bedriuwsfiering gefoeli(ch)(ger) foar opûnthâld en de frijheid fan ynplannen wurdt be- heind, mei ympakt op it rendemint fan de skippen.

Útstel Feilichheid

Wy stelle út in pakket fan maatregels op te stellen om de feilichheid op de farwei Drachten en it Hearrenfean te ferbetterjen.

Der is in ûntwerp-programma fan maatregels opsteld. Der binne tal fan mooglikheden op- nommen lykas snoeie of kappe, baggerje, betonning ferbetterje en markearjen fan (ûn- derskate) soalen. Wy stelle út bloktiden net as maatregel mei te nimmen. It grutste part fan de útstelde maatregels is foar ien kear.

Útstel is om op basis fan it útstel de neikommende stappen troch te rinnen:

- Beprate mei de beropsgroep (skippers dy't op dy trajekten farre);
- Beprate mei de oare brûkers/belanghawwenden;
- Prioriteiten stelle fan de ûntwerp-maatregels op basis fan effektiviteit en kosten;
- Beslute hokker maatregels binnen it besteande ûnderhâldsbudzjet útfierd wurde kinne;
- Nei in twadde syklus fan it monitoarjen fan de feilichheid beoardielje oft it ûntwerp programma fan maatregels bysteld wurde moat.

As der dêrnei oanfoljende finansiering foar maatregels nedich is, sil dat meidertiid oan jimme foarlein wurde.

Alternatyf

Wannear't út de fierdere (feilichheids)monitoaring bliken docht dat de feilichheid ferbetteret (mei troch foarljochting) kin oerwoegen wurde om it pakket fan maatregels te beheinen.

Alternativen foar it opwurdearjen fan farwegen

Oerwagings en beslispunten PS 20 juny 2018

Oerwagende dat

- der kânsrike plakken foar in fly by-terminal yn Fryslân binne op basis fan it fersoargingsgebiet dat nedich is;
- in terminal ek bydrage kin oan in oplossing foar in part fan de problematyk op it Hearrenfean (nammentlik ferfier fan konteners);

Hawwe de Steaten juny 2018 besletten:

- a. ûndersyk te dwaan nei de mooglikheden foar de oanlis fan in fly by-terminal (foar konteners) op in strategysk plak yn Fryslân, wêrby't in relaasje lein wurdt mei yn alle gefallen de farwei nei it Hearrenfean;
- b. in startnotysje foar dat ûndersyk uterlik yn it twadde fearnsjier fan 2019 foar beslútfarming oan Provinsjale Steaten te stjoeren.

Oanfoljende fragen Byldfoarmjende Kommisje 12 juny 2019

By de behandeling fan de diskusjenotysje yn de byldfoarmjende komisje op 12 juny 2019 hawwe de Steaten frege om ek de neikommende aspekten yn de foarferkenning mei te nimmen:

- Yn hoefier't bedriuwserpleatsings reëel binne, komt eksplisyt oan de oarder;
- Sawol de lokaasjes Akkrum en Burgum, as de relaasje mei besteande kontener terminal yn de regio, wurdt by de ôfwagings oer in fly by-terminal meinommen.

Oanpak

Der is ûndersocht yn hoefier't in fly by-terminal yn de omkriten fan it Hearrenfean in realistyske mooglikheid is. Yn it foarste plak binne de potinsjele lokaasjes besjoen, plakken dy't oan it PM-kanaal lizze, mei in direkte oansluting mei in Ryks- of trochgeande provinsjale dyk en op minder as in heal oere riden fan it Hearrenfean. Fierder is mei de merk praat oft de potinsjele lokaasjes rendabel wêze kinne.

Resultaat

Út dat ûndersyk is it neikommende nei foaren kommen:

- De twa lokaasjes dy't mooglik foar in fly by-terminal yn 'e beneaming komme (Grou of Twellegea) binne net of net sa bêst ûntsletten op in Rykswei of trochgeande provinsjale wei, foar in (optimale) ûntsluting binne oanfoljende ynvestearrings nedich;
- De ynvestearrings yn en eksploitaasje fan in fly by-terminal binne heech en it oanbod fan konteners is (te) leech om sa'n ynvestearring te rjochtfeardigjen;
- Der is genôch regionale dekking fan kontenerterminals yn Noard-Nederlân (Ljouwert en Meppel) dêr't binnen in koarte reistiid (maksimaal in oere) konteners oanbean wurde kinne.

Útstel alternativen

DS sjocht gjin reële kânsen foar in fly by-terminal. Dêrom is der gjin startnotysje opsteld foar de realisasje fan in fly by-terminal. Mooglik sjocht de merk yn de takomst wol kânsen, mar de provinsje nimt gjin aktive rol.

Farwei Drachten

Oerwagings en beslispunten PS 20 juny 2018

Oerwagende dat

- it net winsklik is dat skippen fan klasse Va troch Earnewâld en Nacionaal Park De Alde Feanen farre, fanwegen it konflikt tusken beropsfrachtferfier oer wetter en rekreaasje en natuer;
- in alternative farrûte foar it frachtferfier in grutte ynvestearring freget;
- de oan it frachtferfier oer wetter relatearre baten fan in nije klasse Va farwei sa'n ynvestearring ûnfoldwaande legitimearje;
- de belangen foar in farwei op himsels dêrmei te licht binne foar in ynvestearring fan dy omfang;
- dêrmei ynfolling jûn is oan it foarnimmen fan Deputearre Steaten om yn dizze koälysjeperiode in MKBA foar de farwei nei Drachten te dwaan;
- it ûndersochte trasee fia de polder Hegewarren rint;
- der yn de polder Hegewarren ek oare maatskiplike kwestjes spylje, lykas hege kosten foar behear en it yn stân hâlden, feangreideproblematyk, de mooglikheid om ekstra boezemwetter te kreëarjen en de rekreative druk op it neistlizzende Nacionaal Park De Alde Feanen te ferleegjen;
- de baten fan dy maatskiplike kwestjes elk apart ûnfoldwaande legitimaasje foarmje foar in grutte yngreep yn it gebiet, mar de optelsom fan farwei en neamde kwestjes gâns heger útkomt;
- dat makket dat op it stuit in finaal beslút oer de oanlis fan in farwei nei Drachten net oan 'e oarder wêze kin, mar dat in ûndersyk nei de mooglikheden foar gebietsûntwikkeling in passende fierdere stap is;
- de gemeente Smellingerlân him al posityf útsprutsen hat oer it idee fan in gebietsûntwikkelingsproses mei de provinsje en Wetterskip Fryslân as partners;
- sa'n gebietsûntwikkeling net automatysk ek ynhâldt dat der in nij trasee foar in klasse Va farwei nei Drachten oanlein wurdt;
- it konsept 'gebietsûntwikkeling' yn Fryslân in bewiisd efektyf ynstrumint is om grutskalige, komplekse op-jeften op te lossen mei each foar de hjoeddeistige brûkers en wearden fan it gebiet;

Hawwe de Steaten juny 2018 besletten:

- f. fêst te stellen fan in nij trasee fia de Hegewarren in ynvestearring ferget dy't, yn ferliking mei de te ferwachtsjen baten dêrfan, te heech is;
- g. fêst te stellen dat, sûnder it sjen nei oare belangen troch de wei fan gebietsûntwikkeling, dêrmei in ynvestearring yn in nij trasee net oan 'e oarder is;

en Deputearre Steaten te fersykjen:

- h. yn te setten op in yntegrale gebietsûntwikkeling Drachten – polder Hegewarren – Prinses Margrietkanaal en dêrta soarchfâldich mei De Burd om te gean, sadat dy safolle mooglik sparre wurdt, en dêrnjonken oan te jaan op hokker wize de feiligens op de krusing mei de Greft en op it trajekt De Feanhoop – Drachten boarge wurdt;
- i. dat op te pakken mei yn alle gefallen de partijen Wetterskip Fryslân en de gemeenten Smellingerlân en Ljouwert;
- j. in startnotysje foar it gebietsûntwikkelingsproses op te stellen en dêryn fêst te lizzen hokker belangen alle partijen hawwe en wat de rol en ferantwurdlikheden yn it proses binne mei as doel dat de úteinlike kofinansiering yn ferhâlding is mei it belang dat alle partijen hawwe en wêrby't finansjele ôfspraken mei partners as resultaatferplichtings fêstlein wurde;

Moasje

De ûntsluting fan Drachten: as it útstel fan it kolleezje folge wurdt yn beslútfoarmjende sin, of amendearre wurdt in dy sin, dat er wol in startnotysje komt, dan wurdt it ferpleatsen fan bedriuwen dêryn meinommen;

“In de startnotitie op te nemen hoe men de mensen uit de omgeving, recreatiebedrijven uit de buurt en andere betrokkenen zoals natuurorganisaties, boeren, landschapsbeheerders, watersportbedrijven en andere bedrijven, betrokken zullen worden bij het proces en wat voor zeggenschap zij hebben tijdens de planontwikkeling en besluitvorming”

Oanfoljende fragen Byldfoarmjende Kommisje 12 juny 2019

- Objektive ynformaasje oer it gebrûk fan en prognoazes oer klasse IV en Va skippen;
- Yn hoefier't bedriuwferpleatsingen reël binne, komt eksplisyt oan 'e oarder;
- De finansieringsaspekten (wa betellet meidertiid wat) wurde safolle mooglik meinommen.

Oanpak

Foar de farwei Drachten hawwe jimme de neikommende fragen steld:

- By it hanthavenjen fan de besteande situaasje: hokker maatregels binne mooglik om de feilichheid te ferbetterjen? – sjoch ûnderdiel feilichheid;
- Wat binne de prognoazes oer it gebrûk fan klasse IV en Va skippen;
- Is it ferpleatsen fan bedriuwen en ûntwikkeljen fan in nij bedriuweterrein in reëel alternatyf?
- Binne der alternativen foar bulktransport?
- Is it opwurdearjen fan de farwei troch dy mei te nimmen by in gebietsûntwikkeling Hegewarren kânsryk?

Resultaat

Prognoazes klasse IV en Va

Der is in prognoaze (quick scan troch AA-planadvies) opsteld nei de prognoazes foar klasse IV skippen. Ut dat advys docht bliken dat op de lange termyn (2050-2060) der in tige beheinde takomst is foar klasse IV skippen (en lytsere klasse Va-skippen). Dat leit net oan 'e fraach, mar oan it beheinde oanbod fan skipsromte. Dat komt troch merkwurking. De earste effekten dêrfan binne al te fernimmen foar transporten fan de midden-Rijn ôf. De opjefte om it transport duorsumer te meitsjen sil binnen inkelde desennia liede ta in hastiger sanearring fan dy klasse, sa't dat op it stuit al folop mei klasse II en III bart: der wurdt net mear ynvestearre yn it duorsumer meitsjen fan âlde skippen. Op grûn fan de hjoeddeistige prognoaze binne der om 2050 hinne gjin klasse IV skippen mear beskikber. Dat betsjut dat it hanthavenjen fan de besteande situaasje earder as tocht ekonomyske konsekwinsjes hawwe sil.

Bedriuwserpleatsing/ in nij bedriuweterrein ûntwikkelje

It ûndersyk oft bedriuwserpleatsing in reëel alternatyf is, wiist út dat it ôftwingen fan bedriuwserpleatsing finansjeel en juridysk net realistysk is. De kosten foar bedriuwserpleatsing lizze tusken de € 100 en € 200 miljoen. Ek hat in part fan de bedriuwen oanjûn dat wannear't se út Drachten wei moatte dat betsjut dat sy in lokaasje bûten de provinsje sykje sille. It bieden fan in alternatyf (fêstigje op in nij bedriuweterrein daliks oan it PM-kanaal en oansluting op in Rykswei) is foar dy bedriuwen net oantreklik.

Alternativen foar bulktransport

Ek alternativen foar bulkferfier blike net realistysk te wêzen, want dy wurkje tige kostefereggjend.

It opwurdearjen fan de farwei oan gebietsûntwikkeling Hegewarren keppelje

De Steaten hawwe fêststeld dat in ynvestearring yn inkeld in farwei net opwaacht tsjin de oan frachtferfier ferbûne baten. Dat giet om in ynvestearring fan likernôch € 60 - € 70 miljoen. De fraach is oft der yn de kontekst fan in gebietsûntwikkeling Hegewarren synergy te heljen is, wêrtroch't de totale kosten en baten ferhâlding better yn balâns komt. Mei oare wurden: de kosten geane nei ûnderen en/of de baten geane omheech.

Oft de baten yn de takomst tanimme, is yn dit stadium dreech hurd te meitsjen. Ekstra baten moatte út in gebietsûntwikkeling Hegewarren blike. De fraach oft der synergy te heljen is, kin yndikatyf beäntwurde wurde. Der is in kostefoardiel mooglik (en dêrmei synergy), omdat:

- der besparre wurde kin op it behear en ûnderhâld fan de farwei op it trajekt troch De Alde Feanen, wannear't de funksje beropsfarwei ferfalt;
- de oankeap fan de grûn en de opstallen yn de Hegewarren (mei-inoar € 25 - € 30 miljoen) oan de gebietsûntwikkeling likegoed as oan de realisasje fan de farwei tarekkene wurde kinne;

- yn de oarspronklike begrutting in bedrach fan € 12 miljoen foar it pleatsen fan stielen daamwanden. Der binne behoarlik goedkeapere alternativen beskikber, bygelyks in (foar)wâl mei stoartstien. Dy kin in besparing fan 5 oant 10 prosint jaan, útgeande fan de rûsde ynvestearing fan € 60 – 70 miljoen.
- Frijkommend sân en klaai by it graven fan de farwei kin brûkt wurde foar it (foar in part) opheegjen fan de Hegewarren of kaden yn stee fan nei oare plakken ôf te fieren. Dat moat ek yn de hjoeddeistige situaasje (gauris) útfierd wurde, en dan moat der materiaal oanfierd wurde of grûnen yn it gebiet moatte oankocht wurde (sadat lokaal materiaal brûkt wurde kin).

Ek moat neamd wurde dat it ynpassen fan de farwei troch de Hegewarren en de Burd (technysk) kompleks is. Dat hat benammen te krijen mei de (beheind) beskikbere romte by Le Sicht en de besteande funksjes yn it gebiet.

Útstel Farwei Drachten

Wannear't de Steaten beslute om mei in gebietsûntwikkeling Hegewarren útein te setten, stelle wy út om dêr in alternatyf trasee foar de farwei Drachten yn mei te nimmen as ien fan de 'meekoppelkansen'.

It hat bliken dien dat der gjin realistyske alternativen binne. Om de haven fan Drachten foar de takomst goed berikber te hâlden, is berikberens troch klasse Va-skippen fan belang. It hat dêrom doel en ûndersykje oft in farwei feitlik synergy opleveret yn kombinaasje mei de gebietsûntwikkeling Hegewarren. Boppedat hat de gemeente Smellingerlân yn 2018 oanjûn dat se signifikant finansjeel bydrage wolle oan de realisaasje fan in farwei.

It meinimmen fan de farwei yn de neikommende faze fan de gebietsûntwikkeling (ôfslutend ûndersyk of ferkenning) betsjut net dat der besletten is dat der in alternatyf trasee foar de farwei Drachten komt. De ûndersyksfaze wiist út oft it helber is, dêrnei sil besletten wurde oft de farwei yn de planútwurking meinommen wurdt. Wy witte dat der soargen oer de feilichheid fan in nij trasee binne en oer it effekt op it lânskip en de besteande natuerwearden. Út it ôfslutende ûndersyk sil blike moatte oft der oplossings binne dy't dy soargen weinimme kinne.

By it ûntwerpen fan in alternatyf trasee sil dat op syn minst oan de neikommende easken foldwaan moatte:

- de feilichheid op it nije trasee moat better wêze as op it besteande trajekt;
- de Burd moat safolle mooglik sparre wurde.

Alternatyf

It alternatyf is it hanthavenjen fan de besteande farwei en it nimmen fan maatregels om de feilichheid te fergrutsjen. Op de koarte termyn hat dat gjin direkt effekt foar de bedriuwen, de oantreklikheid fan de Haven fan Drachten as fêstigingslokaasje ljit dêr mooglik wol ûnder. De mooglikheid om yn de fierdere takomst noch in farwei troch de Hegewarren oan te lizzen is dan wol dreger.

Farwei it Hearrenfean

Oerwagings en beslispunten PS 20 juny 2018

Oerwagende dat

- it net winsklik is dat skippen fan klasse Va troch Terherne en omkriten farre;
- in alternative farrûte foar it frachtferfier in grutte ynvestearing freget;
- de oan it frachtferfier oer wetter relatearre baten fan in nije klasse Va farwei sa'n ynvestearing net foldwaande legitimearje;
- in lokaasje foar it ferwurkjen fan konteners en bulk oan it Prinses Margrietkanaal mooglik in oplossing biedt foar de berikberens fan it Hearrenfean oer wetter;
- dat allinne kânsryk is as it yn breder regionaal perspektyf beskôge wurdt;

Hawwe de Steaten juny 2018 besletten:

- a. uterlik 1 july 2021 op te hâlden mei it op strukturele basis ferlienen fan ûntheffings foar it farren mei klasse Va-skippen nei de haven fan it Hearrenfean;
- b. Deputearre Steaten te fersykjen in ûndersyk te dwaan nei in alternatyf ferfierskonsept oer wetter foar it ferfier mei klasse IV en Va-skippen nei de haven fan it Hearrenfean en dêr yn alle gefallen de gemeente it Hearrenfean en it bedriuwslibben by te beheljen;
- c. yn dat ûndersyk oan te sluten by it ûndersyk nei de fly by-terminal (konteners) op in strategysk punt yn Fryslân, daliks oan it Prinses Margrietkanaal.

Moasje

Fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten yn de perioade oant it opstellen fan de startnotysje de gemeente it Hearrenfean út te nûgjen om ûndersyk te dwaan nei de ûnderskate oplossingsrjochtings en de finansiering foar de farferbining nei it Hearrenfean en it resultaat yn de startnotysje en it fierdere ûndersyk mei te nimmen.

Oanpak

Oan de gemeente it Hearrenfean is frege om in startnotysje oer te lizzen en it bedriuwslibben dêrby te beheljen. Troch de provinsje is ûndersocht oft der alternative ferfierskonsepten beskikber binne troch nei ûnderfinings op oare plakken te sjen.

Resultaat

Út de startnotysje en de brieven fan de gemeente it Hearrenfean en De Fryske Marren docht it neikommende bliken:

- De omlizzing fan de Meinesleat ôf fia it Jinhústerdeel nei it Prinses Margrietkanaal is de iennige duorsume oplossing foar it knyppunt Terherne.
- In yntegrale gebietsûntwikkeling, lykas in kombinaasje mei ûntwikkeling yn it ramt fan de feangreideproblematyk/greidefûgelkânsegebieten, wurdt as net kânsryk genôch beoardiele.
- In grut foardiel fan de bypass is wol dat dêrmei it Natura2000 gebiet 'Sneekermeer' ûntlêste wurdt.
- Der binne gjin kânsrike oplossings fûn foar alternative ferfierskonsepten of foar in fly by-terminal oan it PM-kanaal.
- Ek docht bliken dat it op it stuit net kânsryk is dat der (Europeeske) subsydzje beskikber komt foar de farwei It Hearrenfean. Wol docht bliken dat der hieltyd wer nije 'calls' komme, wêrtroch't it net útsletten is dat der yn de takomst wol kâns op subsydzje is. Bedriuwserpleatingsen fergje ferskate miljoenen oan ynvestearings; boppedat is der gjin garânsje op it behâld fan de wurkgelegenheid foar Fryslân.

Útstel Farwei it Hearrenfean

De gemeenten it Hearrenfean en De Fryske Marren binne net mei in konkreet útstel foar (mei)finansiering kommen.

DS docht dêrom it útstel om net yn de farwei te ynvestearjen en fierdere beslútfoarming ta te rieden om neffens it fersyk fan PS uterlik 1 july 2021 op it hâlden mei it op strukturele basis ferlienen fan ûntheffings foar klasse Va skippen nei it Hearrenfean.

Foar de útfiering binne twa opsjes:

1. It fersyk om op te hâlden mei de ûntheffing foar klasse Va skippen op strukturele basis wurdt neffens de farweiferoardering effektuearre;
2. It fersyk om op te hâlden mei de ûntheffing foar klasse Va skippen op strukturele basis wurdt effektuearre, mar wat rommer ynterpretearre.

Wy stelle út opsje 2 út te fieren, en op te hâlden mei it ûntheffingsrezjym foar klasse Va skippen, mar de maksimaal tastiene breedte te ferromjen nei 10,50 m yn stee fan 10 m.

By dy opsje wurde de grutste klasse Va skippen út Terherne keard: skippen mei in lingte tusken 86 en 110 meter. Skippen dy't 1 meter breder binne as klasse IV (en in heale meter breder as de skippen dy't op it stuit yn ús feroardering tastien wurde), kinne lykwols wol fan de farwei gebrûk meitsje. Dat type skip is populêr wurden omdat it oant dy lingte mei twa yn stee fan 3 persoanen befearn wurde mei (troud pear bygelyks), mar troch in gruttere breedte mear fracht ferfiere kin. De berikberens fan de haven yn de takomst is dêrmei langer garandearre, omdat dit nijere type skip nei ferwachting oant likernôch 2060 beskikber bliuwt (yn stee fan oant likernôch 2050).

Dat hat de neikommende konsekwinsjes:

- De ympakt foar de ferladers is op kaart termyn minder grut as by it strang hantearjen fan de klasse Va ôfmjittings, trochdat it grutste part fan de skippen dy't no in ûntheffing hawwe, dochs fan de farwei gebrûk meitsje meie. Op it stuit giet it om 5 oant 10 skippen dy't dêr belang by hawwe, en meitsje inkelde skippen gebrûk fan de ûntheffing om mei langere en bredere skippen te farren;
- It beslút om mei de ûntheffing op te hâlden stiet iepen foar beswier en berop;
- Partijen dy't fan betinken binne dat sy tekoart dien wurde troch it beslút kinne (neffens de provinsjale feroardering) in fersyk om neidielkompensaasje yntsjinje. De bewiislêst leit dêrfoar by de yntsjinner.

Alternatyf

Ophâlde mei it ûntheffingsrezjym fan de farweiferoardering. Dat betsjut dat (neffens de feroardering) skippen breder as 10 meter en langer as 86 meter gebrûk gjin mear fan de farwei it Hearrenfean meitsje meie.

It giet om relatyf mar in bytsje skippen dy't gebrûk meitsje fan de ûntheffingsmooglikheid (5 oant 10) en yn de ôfrûne perioade is bekend makke dat de mooglikheid foar ûntheffing fan klasse Va skippen ferdwynt.

In wichtich argumint foar de Steaten om yn 2018 mei it ûntheffingsrezjym op te hâlden, hie te krijen mei it ferbetterjen fan de feilichheid by Terherne, in rekreative *hotspot*, mei in hege boattichheid. Út it feilichheidsûndersyk (útfierd yn de simmer fan 2019) docht bliken dat der (hast) gjin ûngelokken west hawwe, mat dat der wol in gefoel fan ûnfeilichheid libbet. Dat spilet benammen by silers. Dat wy (hast) gjin ûngelokken registrearre hawwe, betsjut net dat konkludearre wurde mei dat it 'feilich' is. Der binne grif wol risiko's. By dizze opsje wurdt mear oan it gefoel fan ûnfeilichheid yn 'e mjitte kommen.

Van Harinxmakanaal

Oerwagings en beslispunten PS 20 juny 2018

Oerwagende dat

- it kanaal in omfarrûte is by opkearings op it Prinses Margrietkanaal;
- de funksje fan omfarrûte fan krúsjaal belang is foar it Fryske farweinetwurk;

Hawwe de Steaten juny 2018 besletten:

- a. Deputearre Steaten te fersykjen in ynvestearingsprogramma, ynklusyf finansiering en dekkingsútstel, te meitsjen foar it fierder geskikt meitsjen fan it Van Harinxmakanaal foar klasse Va, om sa in robúste skeakel yn it Fryske haadfarweinetwurk ta stân te bringen en dat mei de relevante belanghawwenden ôf te stimmen;
- b. Deputearre Steaten te fersykjen it plan foar it Van Harinxmakanaal uterlik yn it twadde fearnsjier fan 2019 foar beslútfoarming oan Provinsjale Steaten oan te bieden;
- c. it op termyn ferfangen fan de besteande spoarbrêge HRMK troch in akwadukt as oplossing foar oan 'e iene kant de robústheid fan de takomstige (trein) tsjinstregeling op it trajekt Ljouwert – Swol – Rânestêd en oan 'e oarde kant de robústheid op it Van Harinxmakanaal foar de skipfeart as útgongspunt te nimmen yn de fierdere planútwurking
- d. foar de ferfangning fan de spoarbrêge HRMK op 'e siik te gean nei oanfoljende eigen finansjele middels en mei in lobby foar de kofinansiering fan it Ryk en/of Europa, dy't nedich is, útein te setten;

Oanpak

Yn ferbân mei de ynsetberheid foar de klasse Va en de nautyske feilichheid fan it kanaal, is it wichtich dat it farweiprofyl genôch djipgong, manoeuvrearberheid en trochfeartbreedte biedt. De farwei wurdt sa ynrochte dat klasse Va-skippen effisjint fan it kanaal gebrûk meitsje kinne. Der sille foar dy skippen wol beheinings jilde yn ôflaaddjipte c.q. djipgong (3,20 m) en faasje.

Dat farweiprofyl is yn gearspraak mei de sektor (BLN/Schuttevaer) ûntwikkele. Yn it útfieringsprogramma is it farweiprofyl beskreaun (djipte en breedte fan de farwei), de minimeasken foar de brêgen wat trochfearthichte en breedte oanbelanget, en ek de minimale bôgestralen foar de bochten yn de farwei. Dêrmei binne ûnder oare de knyp punten op de farwei ynsichtlik wurden.

Mei op grûn fan dy knyp punten is in útfieringsprogramma opsteld, ynklusyf de kosten en finansjele dekking dy't dêrby hearre, wêrmei't it Van Harinxmakanaal op in feilige en ferantwurde wize brûkt wurde kin. It presintearre oersicht is mei de belanghawwenden (farweibrûker, ferladere en ferfierders en BLN/Schuttevaer) bepraat en wêr't dat nedich wie, oanpast en/of oanfolle.

Resultaten

De planning en scope fan de projekten, sa't dy no yn dit programma presintearre is, leit foar de kommende 4 jier fêst.

Binnen it programma is en wurdt bewust socht nei de kombinaasjemooglikheden, wannear't se in tafoege wearde hawwe en útfierber binne binnen de stelde finansjele ramten. Dêr't mienskiplike aspekten binne, wurde ynterne likegoed as eksterne belanghawwenden/projekten oansprutsen, lykas bygelyks gemeenten en it Wetterskip. Sels it kombinearjen mei ambyssjes fan private partijen kin ta de mooglikheden hearre. Konsekwinsje fan de adaptive wurkwiize is dat de planning fan projekten of ûnderdielen dêrfan skowe kin, net allinne yn tiid, mar mooglik sels yn scope. Wannear't kânsen en/of optimalisaasje ûntsteane, dy't om in oanpassing fan de planning freegje, dan wurdt dat fia de reguliere rapportaazjeline yn de eigen organisaasje kommunisearre, en as dat nedich is mei eksterne partijen.

Útstel Van Harinxmakanaal

Op basis fan it foarlizzende útfieringsprogramma stelle wy út yn te stimmen mei it útfieringsprogramma VHK en kennis te nimmen fan de dekking fan it oanbelangjende programma.

Alternatyf

Net ynstimme en in oanpast útfieringprogramma foarstelle.

Feilichheid op it PM-kanaal

Moasje 20 juny 2018

Konstatearjende dat

- der ûnfeilige situaasjes op it Prinses Margrietkanaal binne;
- it Prinses Margrietkanaal as ûnderdiel fan de Haadfarwei de Lemmer-Delfsyl sûnt 2014 yn eigendom, behear en ûnderhâld by it Ryk kommen is;
- Rykswettersteat op 25 jannewaris 2018 it rapport 'Verbeteren veiligheid hoofdvaarweg Lemmer-Delfzijl' presintearre;

Oerwagende dat

- it rapport 'Verbeteren veiligheid hoofdvaarweg Lemmer-Delfzijl' net genôch helderheid jout oer de gefaren op it Prinses Margrietkanaal en mooglike oplossings;
- it wichtich is om in goed byld te hawwen hokker konkrete oplossings der binne om de feilichheid op it Prinses Margrietkanaal te fergrutsjen;

Moasje:

Fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten om der by Rykswettersteat op oan te trunen in fierdere ynventarisasaasje nei de feilichheid op it Prinses Margrietkanaal út te fieren.

De amtlike tsjinst hat in regulier oerlis mei Rykswettersteat, wêryn't de feilichheid op it PM-kanaal op de wurklist stiet. Twa kear yn 't jier is der in oerlis mei de tsjinsten fan Rykswettersteat, de provinsjes Grinslân en Fryslân en de brûkers (û.o. HISWA, Watersportverbond, Prorail, BLN/Schuttevaer, Beroepsvereniging van zeilcharterschepen, de Fryske rûnfeartûndernimmers, haventsjinst en fertsjintwurdigers fan wenarken).

De feilichheid is in punt fan de wurklist dat hieltyd werom komt by dizze oerlizen. De neikommende resultaten binne oant no ta berikt:

- Der wurdt wurke oan it spearpunt: 'Weg van de vaarweg'. Dat is in inisjatyf fan Rykswettersteat en de provinsje Fryslân, dêr't sân alternative rûten foar it PM-kanaal yn oanrekommandearre wurde;
- Der wurdt foarljochting jûn hoe te hanneljen by it oerstekken fan gefaarlike krúspunten en it troch brêgen of slûzen gean en sa;
- Alle dagen binne der patrouillefearten mei in bemanning fan provinsjale meiwurkers en meiwurkers fan Rykswettersteat. De bemanning jout foarljochting oan farweibrûkers en hanthavenet (mei BOA-foegen);
- Alle jierren wurdt troch de gearwurkjende farweibehearders ek publyksfoarljochting jûn op de boatebeurs Boot Holland;
- By it ferefangen fan de brêgen wurdt ek besjoen hoe't de feilichheid foar de rekreaasjefeart ferbettere wurde kin.

It útstel is om it punt fan de feilichheid op de wurklist fan it reguliere oerlis te hâlden en de moasje dêrmei as ôfhannele te beskôgjen.

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius – Riemersma, MBA MCM, sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Útwurking (beslút) farweifyzje foar beropsfeart en berikberens binnenhavens (01701158)**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan , nr., oangeande Útwurking (beslút) farweifyzje foar beropsfeart en berikberens binnenhavens Mei it each op it jaan fan dúdlikens oan de boeren yn de Hegewarren en it sribjen nei in robúst farwegenetwurk foar beropsfeart en in passende berikberens fan de binnenhavens.

Oerwagende dat : Oer de Hegewarren:

- de foarferkenning útwiisd hat dat in nije ynrjochting fan it gebiet mei wetterpeilen om meanfjild hinne of heger de problemen yn en om de Hegewarren oplosse kin (it ferleegjen fan de kosten foar de ynstânhâlding fan de polder, it oplossen fan de feangreideproblematyk en it ferdrûgjende effekt op it N-2000 gebiet De Alde Feanen);
- der ek kânsen binne lykas bioferskaat en rekreaasje;
- dêrmei in yntegrale gebietsûntwikkeling kânsryk is;
- it foar de boeren net yn elke opsje mooglik is harren bedriuw fuort te setten;
- it wichtich is om sa gau mooglik dúdlikens te jaan oan de oanbelangjende boeren oer harren takomst;
- it Wetterskip en de gemeente Smellingerlân ('partijen') tasein ha genôch amtlike kapasiteit en in finansjele bydrage fan € 150.000 te leverjen om de ferkenning Hegewarren út te fieren;
- dizze partijen de reewilligens útsprutsen ha om by dy ferkenning konkreet te meitsjen hokker finansjele bydrage sy reëel achtsje foar de útfiering;
- dêrby meinommen wurdt dat alle partijen yn de hjoeddeistige situaasje mei (oprinnende) ûnderhâldskosten te krijen ha en partijen de reewilligens útsprutsen ha om te ûndersykjen oft kostebesparings yn de takomst as ynvestearings yn it gebiet ynset wurde kinne.

Oer de feiligens:

- in oardiel oft de situaasje feilich/ûnfeilich is dreech te jaan is op grûn fan de sammele gegevens om't der gjin fêststelde noarmen binne;

- him de ôfrûne 10 jier gjin signifikante oanfarrings tusken de rekreaasjeferkear en beropsferkear foardien ha op de ferwei Drachten of It Hearrenfean;
- der de ôfrûne 10 jier twa net-signifikante oanfarrings melden binne;
- yn de simmer fan 2019 op it drokste krúspunt fan de ferwei Drachten (by Earnewâld) en ferwei It Hearrenfean (Terherne) gjin (hast) ûngefallen bemurken binne tusken de rekreaasjeferkear en beropsferkear;
- dit net betsjut dat der gjin risiko's binne op (hast) ûngefallen;
- der omtinken foar feiligens op ferwegen bliuwe moat;
- de ûntwikkelings fan de feiligens bliuwend yn de gaten holden wurde troch fuortsetting fan it monitoarjen.

Oer de alternativen foar opwurdearring (Fly-by, bulktransport, bedriuwserpleatsing):

- in fly-by terminal net rendabel is;
- der op dit stuit gjin helbere alternativen foar bulktransport binne;
- bedriuwserpleatsing net realistysk is om reden fan juridyske komplikaasjes en hege kosten;
- bedriuwserpleatsing boppedat it net-winske effekt ha kin dat bedriuwen út Fryslân weigean.

Oer de ferwei Drachten:

- der gjin realistyske alternativen fûn binne foar de opwurdearring fan de ferwei;
- der (oanfoljend) ûndersocht is yn hokker tempo klasse IV skippen útfasearje en dit ûndersyk konkludearret dat nei ferwachting om 2050 hinne frijwol alle klasse IV skippen út de ferkear nommen binne;
- dit op termyn grutte ynfloed ha kin op de berikberens fan de haven;
- jimme op 20 juny 2018 fêststeld ha dat sûnder te sjen nei oare belangen troch de wei fan in gebiertsûntwikkeling (Hegewarren), in ynvestearring yn in nij trasee net oan de oarder is.
- yn it bestjoersakkoart Lok op 1 fêststeld is dat in ferbettering fan de ferwei Drachten earst oan 'e oarder komt wannear't yn it gebiertsproses Hegewarren dúdlike synergy mei oare kânsen foar it gebiet blykt;
- dêrmei in alternatyf trasee troch de Hegewarren de iennige kâns foar opwurdearring fan de ferwei is;
- de foarferkenning útwiist dat in ferwei kânsen jout om wurk-mei-wurk te meitsjen (synergy), wêrtroch't de koste-bate ferhâlding fan sawol in gebiertsproses Hegewarren as de ferwei mooglik positiver wurdt;
- as letter bliken docht dat in klasse IV ferwei nei Drachten gjin 'passende' berikberens mear biedt,

de rûte troch de Hegewarren gjin reëel alternatyf mear is. Mei oare wurden: dit is it momint op de farwei as meikeppelkâns mei te nimmen yn de ferkenning.

Oer de farwei It Hearrenfean:

- der gjin oanbod fan de gemeenten It Hearrenfean en De Fryske Marren leit foar it ferlizzen fan de farwei fia it Jinhúster Die!
- jimme op 20 juny 2018 fêststeld ha dat de oan ferfier oer wetter relatearre baten fan in nije klasse Va-farwei ynvestearrings net genôch legitimearje;
- der (oanfoljend) ûndersocht is yn hokker tempo klasse IV skippen útfasearje en dit ûndersyk konkludearret dat nei ferwachting om 2050 hinne frijwol alle klasse IV skippen út de feart nommen binne;
- dit op termyn grutte ynfloed ha kin op de berikberens fan de haven;
- de ôfwaging oft in klasse IV farwei yn de takomst as in 'passende berikberens' foar de haven fan It Hearrenfean beskôge bleaun wurde mei, sil de kommende jierren op 'en nij tsjin it ljocht holden wurde.

Oer it Van Harinxmakanaal:

Ferline jier besluten is om it kanaal fierder geskikt te meitsjen foar klasse Va-skipfeart.

Beslute

- : 1. Oer de Hegewarren:
- a. fêst te stellen dat de foarferkenning útwiist dat in yntegrale gebietsûntwikkeling foar de polder de Hegewarren kânsryk liket;
 - b. yn te stimmen mei de startnotysje Hegewarren as rjochtingjaand ramt foar de útfiering fan in ôfslutend ûndersyk;
 - c. dêr in provinsjale bydrage fan € 150.000 foar beskikber te stellen, as provinsjale bydrage oan dy ôfslutende ûndersyksfaze.

en Deputearre Steaten te freegjen:

- d. in ôfslutend ûndersyk (ferkenning) te starten nei de helberens fan in gebietsûntwikkeling Hegewarren;
 - i. dêrfoar yn oparbeidzjen mei op syn minst it Wetterskip, de gemeente Smellingerlân en LTO Noard in mienskiplike projektorganisaasje yn te rjochtsjen;
 - ii. dat ôfslutende ûndersyk yn nauwe gearwurking mei de bewenners en ûndernimmers yn de Hegewarren en omkriten út te fieren;
 - iii. de útkomsten oer likernôch in jier foar beslútfoarming foar te lizzen oan Provinsjale

Steaten yn de foarm fan in romtlik plan en in gearwurkingsoerienkomst dêr't de scope fan in ferfolch en ûnderlinge ôfspraken tusken partijen (dit binne yn alle gefallen Wetterskip Fryslân, de gemeente Smellingerlân en LTO Noard) oer de finansiering en risiko's yn fêstlein wurde;

2. Yn te stimmen mei it neier útwurkjen fan in program fan maatregels foar ferbettering fan de feiligens op de hjoeddeistige farwegen nei It Hearrenfean en Drachten, yn oerlis mei de brûkers (beropsfeart en rekreaasje) en de omkriten;
3. Fêst te stellen dat de ûndersochte alternativen Fly-by terminal, alternativen foar bulktransport en bedriuwserpleatsing gjin reële alternativen binne foar it opwurdearjen fan de farwegen foar beropsfeart fan en nei It Hearrenfean en Drachten;
4. De farwei Drachten meinimme yn de scope fan de ferkenningsfaze fan de gebietsûntwikkeling Hege-warren.
5. Op syn lêst 1 july 2021 wurdt op de farwei It Hearrenfean gjin ûntheffing mear ferliend oan skippen langer as 86m en breder as 10,5m;
6. Yn te stimmen mei it útfieringsprogramma Van Harinxmakanaal (VHK)

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.G. Rosier, griffier